



de Earna

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 16, nûmer 61, maart 2013

Seiderjûn

Der wie ris in ryk man dy't it yn de wrâld tige goed gien wie. Hy hie safolle eare en macht en rykdom wûn, dat er him neat mear winskje koe. Mar hy fielde him ûngelokkich, want it leauwen fan syn jeugd dat wie er kwyttrekke. Hy besocht om it werom te roppen, mar hoefolle muoite oft er der ek foar die, it kaam net werom. Doe kaam him wer yn it sin hoe't er by syn pake thús de seider fierde en, hoe't by it skinken fan de fjirde beker wyn, dy't dy jûns dronken wurdt, Eliah der ûnsichtber ynkaam, en hoe't der foar him dan ek in beker delset waard. Omdat it krekt de deis foar it Joadske Peaskefeest wie, besleat er, syn ried te'n ein, nei de joadebuert ta te gean, om te sjen oft er dêr de profeet fine koe, en oft dy him helpe woe.

De komst fan de profeet

En hy fûn him. Op 'e hoeke fan in strjitte stie in âldman dy't, doe't er him seach, op him ôf kaam en sei: 'Kom ik haw op dy wachte.' Dat koe nimmen oars wêze as de profeet Eliah, dy't ommers yn elk stal ferskine kin, ek yn dat fan in bidler. 'Myn frou hat noch neat foar it feest,' sei de man, 'want ik haw gjin jild.' Dêrnei gongen se tegearre te boadskipjen. De earne man kocht, de rike man betelle. Matses, fleis, fisk, en echte wyn (gjin rezinewyn) en alles wat men nedich hat foar in wiere seiderjûn. Se kochten ek wat klean. Doe woe de rike man ôfskied nimme, mar de earne man frege beskieden: 'Kom jûn op myn seider'. En de rike man gong by de earne man te gast en frege him ôf, hoe't it wêze soe, as de profeet de fjirde beker delsette soe, dy't ommers foar himsels ornearre wie. De seider waard fierd mei geandewei grutter freugde, oant it momint kaam fan it wûnder dat ferwachte waard. En it wûnder barde. De earne man naam de beker, skonk him fol, sette him del foar syn gast en sei: 'Drink en tink net dat ik net wit datsto it bist, do grutte en goede profeet Eliah, op wa't ik al salang wachte haw.' Doe wist de rike man wêr't er sykje moast, wat er kwyttrekke wie.

De oersetting fan dit Joadske peaskeferhaal fan Abel Herzberg is fan Rienk Klooster.

Rasa

Tolve jier hienen hja op har wachte. Doe waard Rasa berne. It bern dêr't hja sa lang nei útsjoen hienen en dat hja alle leafde joegen dy't yn harren wie. En dat wie in protte. Net te neamen, safolle. Doe pas begriepen hja dat leafde faaks wol it grutste geheim is dat bestiet. En dat dat de basis is foar alle gelok fan de wrâld. It duorre om krekt te wêzen sân dagen. En hoewol't dy sân dagen liken op sân jier - want leafde lit jierren fleane - wie it te min, fierstentemin om foargoed bliid mei te wêzen.

Op dy rampdei skynde gewoan de sinne. En sels de wyn hâlde de siken net yn. De blommen bloeiden oermjitte en de flinters fladderden sûnder euveldoed. Dat hoe koenen dy it witte?

Ynienen stie er der In âldman mei strakke eagen. 'Ik nim har mei!' 'Mei, mar wêrom?' stammere har mem. 'Gjin fragen!' blafte de âld man har ta. 'Fragen binne de dea yn de pot. It begjin fan alle ellinde. De ein fan de wrâld.' 'Mar wêrom Rasa?' 'Gjin fragen, sei ik!'

Doe skuorde er Rasa út it widske en naaide út. Troch de triennen yn de eagen, seagen hja net iensen mear hokker kant oft er útgong mei harren berntsje.

Rasa har opfieding

Rasa woeks op; heech yn de bergen. Yn in tsjustere hutte, dy't noch nea troch immen ûntdutsen wie. Der kaam gjin sinneljocht yn en as Rasa frege wêrom oft hja de sinne net sjen mocht, snaude er har ta dat sinneljocht jin te fleurich makket en dat men dêr neat oan hat, om't de wrâld no ienkear net fleurich is.

Alle dagen joech de âld man har les. Op fêste tiden. Yn in izeren ritme. Hy learde har alle antwurden op alle fragen fan de wrâld. Fan A oant Z. Sa wist hja wa't de ierde makke hie. Wa't berou toane moast. Hoe't in kristenminske him hearde te hâlden en te dragen. Hoe't de duvel derút sjocht. Wat ingels dogge en foar wa. Oan de Z ta, dêr't se feilleas (yn it Hollânsk) opdreune koe wat sûnde wie; wa't sûnders binne en wat men sneins net dwaan mei.

Foar alle ynformaasje oer it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld en de Earnewâldster Rûnte, tsjerketsjinsten, preken, ynformaasje út de Earn ensfh. sjoch op: www.fowe.org

Preekrige

Tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke. As by mienskiplike tsjinsten Herf. stiet, binne se yn 'e Herfoarme tsjerke. Griff. betsjut yn 'e Grifformearde tsjerke.

29 maart	19.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Goedfreed, Fryske tsjinst, Herf. tsjerke
31 maart	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Peaske, Fryske tsjinst, Herf. Tsjerke
7 april	09.30 oere	A. Dykstra, Sint Anne	FOW Earnewâld
14 april	09.30 oere	J. Koops, Easterwâlde	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
21 april	09.30 oere	L. Durksz, Grins	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
28 april	09.30 oere	Dhr. P. Fortuin, Deinum	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
5 maaie	09.30 oere	G. Bies, Burgum	FOW Earnewâld
12 maaie	09.30 oere	Ds. Y.J. Hiemstra, Dokkum	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
19 maaie	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Pinkster, Fryske tsjinst, Herf. Tsjerke
26 maaie	09.30 oere	Da. W. Tinga, Grins	Fryske tsjinst, Herfoarme tsjerke
2 juny	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	FOW Earnewâld
9 juny	09.30 oere	J. Koops, Easterwâlde	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
16 juny	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
23 juny	09.30 oere	Da. L.P. Cnossen, Easterwâlde	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
30 juny	09.30 oere	J. Mulder-Vogelzang, Yndyk	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
7 july	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	FOW Earnewâld
14 july	09.30 oere	Dhr. P. Fortuin, Deinum	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
21 july	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
28 july		Gjin tsjinst	
4 augustus	09.30 oere	Da. W. Tinga, Grins	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
11 augustus	09.30 oere	Dhr. P. Hettinga, Frjentsjer	FOW Earnewâld
18 augustus	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
25 augustus	09.30 oere	Ds. Y.J. Hiemstra, Dokkum	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke
1 septimber	09.30 oere	G. Bies, Burgum	FOW Earnewâld
8 septimber	09.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst, Herfoarme Tsjerke

De úttocht fan Rasa

Doe't hja fjirtich wie - in hiel minskelibben - sei de âldman - dy't sels net âlder like te wurden - 'ik haw dy alle fragen en antwurden fan de wrâld leard.'

Do bist no âld en wiis genôch om dyn eigen wegen te gean. Hjir, nim dit doaske mei. Mochtst ris in antwurd net witte, meitsje it dan iepen en it sil dy helpe.'

Rasa frege net nei it wêrom, want fragen stelle dat hie hja net leard.

Hja naam ôfskied, sûnder in trien te litten.

Want leafde hie hja net krige. Trouwens de âldman seach ek net wer efterom, doe't hja stadich oer it kronkeljende berchpaad nei ûnderen rûn.

Nei in oere rinnen kaam Rasa, krekt ûnder de beamgrins, op it alderearste krúspunt fan har libben.

Sûnder wifkjen gong hja rjochtút, want hja hie net leard om nei lofts en rjochts te sjen. Mar al gau rûn it paad dea op in ûnbidich grou rotsblok en Rasa moast werom, in beweging dy't har net maklik ôfgong. Werom by it krúspunt twifele hja en dat wie in nije ûnderfining. Loftsôf? Rjochtsôf? Hja harsenskrabe oer wat hja dêrom leard hie, mar der kamen har gjin antwurden yn it sin. Soe hja it doaske no al iepenmeitsje moatte? Of soe hja dat dwaan op in nóch wichtiger momint? Hja kaam net út de rie.

Dêrom gong hja op goed gelok rjochtsôf, wylst in nij senuweftich gefoel har oermânsk waard.

Hja dwaalde wat om tusken de beammen en kaam oeren letter wer út op itselde krúspunt.

Mismoedich sakke hja del op in stien, oant in frou har dêr fûn en har frege: 'Sikesto wat?'

'Gjin fragen! Fragen binne de dea yn de pot. It begjin fan alle ellinde. De ein fan de wrâld.'

De frou seach har ûnleauwich oan. 'Wa hat dy dat leard?'

'Gjin fragen, sei ik ommers! Gean hjir wei!'

Mar hja oertsjûge de frou net, want dy bleau by har stean en frege har: 'Wa bisto?'

'Gjin fra . . .'

'Mar do witst dochs wol wa oftsto bisto?'

Mar Rasa luts allinne mar wat oan de skouders.

'Fergetten?'

'Ik wit it net. Ik sil it doaske iepen meitsje moatte.'

De frou seach stilwei oan hoe't Rasa it reade lint losmakke en mei triljende fingers it lid iepen makke. Rasa seach yn it doaske, mar koe neat gewaar wurde...

'Ik bin . . . ik bin . . . nimmen . . .' lústere hja.

'Ûnmooglik', sei de frou beret. 'Elkenien is immen.

Mar immen hat dy leard om nimmen te wêzen.

Wêr bisto berne?'

'Eh . . . berne?'

'Wa binne dyn âlden? Dyn heit en mem?'

'In . . . Eh . . . âldman. Ik ken him net.'

'Mar jimme mem dan?'

'Mem?' By de M hie hja neat leard oer memmen.

Wol oer macht, muoite, mislearrings. Hja seach nochris yn it doaske, as siet der faaks in geheime boaiem yn, dy't hja de earste kear oer de holle sjoen hie.

Ferfolch op side 4

It wêzentlike fan it leauwen

It tema fan de Earnewâldster Rûnte foar it winterskoft 2013 - 2014 is 'it wêzentlike fan it leauwen'. Yn dit winterskoft wolle wy besykje om mei in ferskaat oan sprekkers / spreksters út ûnderskate hoeken wei nei te tinken oer de fraach, wêr oft it yn it persoanlike leauwen wier op oan komt. Fansels krije wy yn de tradysje fan bibel en leauwenslear en ek yn de tradysje fan wittenskip en tinken in ferskaat oan gedachtegoed oanlange, dêr't minsklike ûnderfining en wysheid yn opslein is. Lykwols stiet men as minske foar de taak om yn dit libben jins eigen geastlike wei te finen en te gean. Dat komt del op in geastlike syktocht en tagelyk in geastlik bewustwurdingsproses. Dêrby giet it der om te kommen ta datjinge dêr't men wier troch rekke wurdt, wat foar jin ta it wêzenlike heart: de lêste, de heechste en de djipste wierheden fan leauwe en libben.

24 septimber 2013 **Drs. J. (Jan) Greven**

De keunst fan it trochlibjen.

Sin en betsjutting nei de dea fan in leafste.

Drs. J. Greven is teolooch en publicist

29 oktober 2013 **Prof. Dr. R.D.N. (Renée) van Riessen**

Opnij neitinke oer de siel, mei Socrates en Kierkegaard.

Yn hokker betsjutting kinne wy ússels beskôgje as siel en besiele? Hat it miskien wat te krijen mei it finen fan in tagong ta it inerlik?

Prof. Dr. R.D.N. van Riessen is filosoof en dichter; hja wurket oan de Universiteit fan Leien as bysûnder heechlearaar kristlike filosofy en oan de Protestantske Theologyske Universiteit (Grins) as godstsjinst-filosoof.

26 novimber 2013 **Dr. T. (Tjeu) van den Berk**

It âlde Egypte: de widze fan it jonge kristendom.

De ferrassende oerienkomsten tusken de Egyptyske religy en wichtige tema's yn de kristlike lear.

Dr. Tjeu van den Berk is teolooch en skriuwer en werke oant foar koart oan de Katolike Theologyske Universiteit yn Utert as dosint Praktyske Theology.

7 jannewaris 2014 **Drs. J.N. (Jacob) de Leeuwe**

Emoena, de joadske manier fan leauwen.

De essinsje fan it joadske leauwen is 'emoena' אמונה, dit is een spiritueel bewustwêzen fan de inerlike bân mei de siel, de nesjama en God sels. Emoena foarmet de ymmateriële interface tusken de joadske minske en syn Skepper. Dy spark fan emoena ha wy oerurven fan ús oerfaars en oeremmen: elkenien hat yn syn/har libben in ultieme konfrontaasje hân tusken syn of har leauwe en de werklikheid fan al den dei.

Drs. J.N. de Leeuwe is dokter en Talmoedoersetter en in grut kenner fan de joadske tradysje.

Hy neamde syn publikaasje *Mattenat Ja'acov* - it geskink fan Jacob.

4 febrewaris 2014 **Prof. Dr. H.S. (Rick) Benjamins**

De ûntjouwing fan de frijsinnige theology.

Fan modern nei postmodern leauwen.

Prof. Dr. H.S. Benjamins is dosint Dogmatyk (Protestantske Theologyske Universiteit) en bysûnder heechlearaar Frijsinnige Theology fanwegens de VVP.

4 maart 2014 **Dr. H.J. (Heine) Siebrand**

"Religy? Tink oan in polder of in eilân"

Dizze lêzing giet oer religy as dichterlike en pro-ethyske reaksje fan de minske op wat objektyf djips yn it bestean. Dy binne op in fansidene, hast ûngelyktidige manier bywêzich yn ús libben en yn ferhalen en bylden. Hja binne de humuslaach yn ús bestean, wylst de hjoeddeiske mienskip har benammen noch liket te skamjen om der iepenlik foar út te kommen dat men religieuze fielingen hat.

Dr. H.J. Siebrand is remonstrantsk predikant ferbûn oan de Geertetsjerke yn Utert. Hij promovearre oan de Universiteit fan Grins op in dissertaasje oer de ynfloed fan Spinoza en publisearre ferskate boeken.

Tiid: 20.00 - 22.00 oere. Plak: Grifformearde tsjerke. Adres: Wiidswei 8, 9264 TL Earnewâld

YNTOKENING

Yntekening kin troch € 30,00 (de man/frou) oer te meitsjen op banknûmer 29.89.25.664 op namme fan 'Earnewâldster Rûnte', Aldwâld, mei fermelding: seizoen 2013 - 2014.

It definitive program wurdt jim ein augustus tastjoerd.

Kontaktadres: Tine van Minnen, Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld.

Tillefoan: 06 - 20600409 E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

De Earn

Útjefte fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld

Skriuwerskip fan it FOWE en fan
redaksje en administraasje fan de Earn:

Tine van Minnen

Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Tillefoan (06) 20 60 04 09

E-post: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Ûnder redaksje fan:

Dr. Rienk Klooster, (06) 39 60 96 64

E-post: klooster.rienk@gmail.com

Tine van Minnen

Drs. Yvonne Hiemstra,

E-post: yvhiemstra@hetnet.nl

Jan Lautenbach, (06) 10 92 48 08

E-post: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

FOWE bankrekken: 34.98.14.058

ISSN 1878 - 4348

Gearkomsten

15 april, 15.30 oere – bestjoer FOWE

10 septimber, 10.00 oere – kommisje ER

Jeften

De ponghâlder wol alle minsken betankje foar de
rejale jeften fan de lêste tiid.

Kopij

Kopij foar de Earn fan septimber moat uterlik freed
30 augustus by de redaksje wêze.

De lêste Earn fan 2013 sil dan yn desimber ferskine.

Omtinkers

De seider giet oer it fieren fan de frijheid

Peaske is it bewiis fan God, dat de minske yn
essinsje spiritueel en tiidleas is

Want God set minsken bûten de tiid en lit har
priuwe fan de ivichheid

Mei Peaske ferwachtet God mear fan de minsken

Men kin de wierheid yn in grêf stopje, mar dy sil
dêr net bliuwe

‘Rin in eintsje mei my op’, sei de frou, dy’t it
doaske dat Rasa dêr lizze liet, ûngemurken yn har
rêchtas treau. Tegearre sloegen hja loftsôf.

Op ‘en paad mei fragen

Twa oeren letter siet Rasa by de frou yn ‘e hûs oan
tafel. Hja swijden, om’t de frou wol oanfielde dat
tefolle fragen Rasa fan de wize bringe soenen.

Rasa bleau dêr útfanhûs. Ien dei. Twa dagen. Sân
dagen, dy’t langer liken as de 40 jier by de âldman.
Sjoch hjir’, sei de frou, en hja joech Rasa it doaske
mei. ‘Der sit in geheim yn’. ‘In geheim?’

‘Ja, in geheim dat in protte oer dy seit en it is alle
dagen wer oars.’

‘Dat kin fan alles wêze,’ sei Rasa. ‘Fertel der ris wat
mear oer’.

‘Freegje mar’, lake de frou. ‘In geheim lit allinne in
bytsje fan himsels sjen as men dernei freget’.

‘Eh . . . fragen?’ wie Rasa har ûnwennige reaksje.

‘Ik wit gjin fragen.’ By de G sit gjin geheim. Allinne
de antwurden by gebod, jild (geld) en God.’

De frou liet net fernimme hoe ferheard hja ek no
wer wie.

‘Gean mar’, sei hja. ‘Gean de wrâld yn. En freegje.
Freegje it himd fan it liif en stel in fraach oer it
antwurd. Want it antwurd fan hjoed, is foar moarn
miskien wer in leech wurd. Freegje alle kanten út.
Nei lofts en nei rjochts. Nei rjochttroch en efterút.
Freegje!’

Doe gong Rasa fuort en die wat de frou sein hie.
Stadichoan rekken de antwurden fan de âldman har
út it sin. En as immen har frege, ‘wa bisto?’, stelde
hja fuortendaliks in fraach. Sa begûn hja bytsje by
bytsje te ûntdekkjen wa’t hja wie. En út en troch? Út
en troch miende hja te witten hokfoar geheim oft
der yn it doaske siet.

By ferkeard adres werom nei: Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

Jierren letter kaam Rasa yn in lyts doarpke.
Hja seach om har hinne en seach minsken dy’t oan it
wurk wienen, bern dy’t oan it boartsjen wienen,
pakes en beppes dy’t op in bankje meielkoar sieten
te praten. Mar hja seach mear! Hja seach in man en
in frou mei in antlit fol mei ronfels fan fertriet.
En hja frege. Hja frege harren it himd fan it liif.
Sân dagen . . . sân dagen hienen hja witten fan it
grutste gelok fan de wrâld. Rasa wie har namme,
mar net ien wist wêr’t hja no wie.

‘Ha jim dan noait nei har frege?’ frege Rasa.

‘Gjin fragen! Fragen binne de dea yn de pot.
It begjin fan alle ellinde. De ein fan de wrâld’,
seinen de man en de frou.

Doe seach Rasa har djip yn de eagen. En foar it earst
wist hja dat dit antwurd noait wer in nije fraach
oproppesoe.

‘Sjoch, mem. Sjoch, heit. Foar jimme.’ En hja joech
it doaske oan har âlden. ‘In geheim. Us geheim.’

*In ferhaal fan Gerard van Midden. Hy hat it op
5 maart 2013 foarlêzen op de Earnewâldster
Rûnte. De ferfrysking is fan Rienk Klooster.*